

By sêne 1

Robin Hood

Doarpslju:

Robin Hood! Robin Hood!
bestriidt op eigen manneboet
alle ûnrjocht, al it tsjoed
Robin Hood!
Robin Hood en syn griene binde
binne bekend by jong en âld
en se wenje mei syn allen yn it wâld.

Robin Hood! Robin Hood!
Troch him hâlde wy moed
yn dizze tiid fan soarch en noed
Robin Hood!
Robin Hood en syn griene binde
nimme 't op foar earm en swak
Robin Hood! setsto hjoed de Sheriff wer in hak?

Griene Binde: Stomtafallich, stomtafallich
Robin: kamen wy in tsjinder fan 'e Sheriff tsjin
Griene Binde: Stomtafallich, stomtafallich
Robin: hie de man in hiele protte jild yn de pong
dy't frij opfallend om syn nekke hong
Ik sei: Bêste man, rint dat net wat swier
jo switte der oer, jo sjogge tige skier
jo krije 't yn 'e rêch, dat liket my net goed

Griene Binde: Wês no mar ferstânnich
Robin: en jou it jild oan Robin Hood
Griene Binde: Bjusterbaarlik, bjusterbaarlik
Robin: hoe graach as dy man dat jild kwynt woe
Griene Binde: Bjusterbaarlik, bjusterbaarlik
Robin: hoe hurd as dy man yn ien kear rinne koe


Robin:
Hjir bêste Thomas krijst in daalder
Kreazje dêr it dak fan dyn hûs mei op
Hjir leave Sandy, hast in pûn
Kinst it wol brûke mei sa'n lytse pop
Hjir, fiif shilling foar âlde Roger
foar sa'n âlde keardel is it libben och sa djoer
foar Debby noch in dime,
foar Peter noch in penny
hast it wier net nedich Peter, mar ik hie 'm oer!

Doarpslju:

Robin Hood! Robin Hood!
bestriidt op eigen manneboet
alle ûnrjocht, al it tsjoed
Robin Hood!

Robin en de Griene binde:
Robin Hood en syn griene binde
yn de striid tsjin de ellinde
mar altyd mei in fleurich sin,
de hertlike groetnis oan 'e Sheriff
at er ús siket, wy sitte yn it wâld

Doarpslju:
Robin Hood!
En syn griene binde
Robin Hood!
De grutste helden
Robin Hood!
Fan 'e hiele wrâld!!
Robin Hood!



By sêne 2

Mei in oar foar in oar

Griene Binde:

De blauwe himel is ús dak,
it griene wâld is ús terrein
De frije fûgels binn' ús freonen,
yn 'e sinne en de rein

Dit is Sherwood! Wy hâlde fan Sherwood!
Kinst de frijheid rûke,
yn elke strûk, yn elke tûke
Dit is Sherwood! Wy hâlde fan Sherwood!

Hee! Do! Bist in kammeraad
Giest! Do! Mei my op in paad
om it ûnrjocht te bestriden
Hee! Do! Bist in goede maat
Giest! Do! Mei my op in paad
op wei nei better' tiden:
mei in oar, foar in oar!
Mei in oar, foar in oar!

Kaam de kening mar werom,
wy binn' in goede kening brek
Want dy sek fan in Prins John
is in etter mei in fierste grutte bek

Kening Richard! Wy hâlde fan Richard!
Wylst er fier fan thús focht
waard er finzen op in krústocht
Richard ... wy hâlde fan Richard ...

Hee! Do! Bist in kammeraad
Giest! Do! Mei my op in paad
Om it ûnrjocht te bestriden
Hee! Do! Bist in goede maat
Giest! Do! Mei my op in paad
Op wei nei better' tiden:
mei in oar, foar in oar!
Mei in oar, foar in oar!

Mei in oar, foar in oar!
Mei in oar, foar in oar!
Foar in oar!
Foar in oar!

By sêne 3

Heechacht' en nommel

Eallju:

Linkerfoet, rjochterfoet,
stapke tebek sa giet it goed
Linkerhân, rjochterhân,
wa binn' de ryksten fan it lân?

Wy, wy, dat binne wy
de eallju fan 'e grietenij
Wy ite kalkoen mei krúsbei-jam
Wy binn' de eallju fan Nottingham

Linkereach, rjochtereach,
holle nei ûnd'ren en de rok omheech
Linkerbil, rjochterbil,
twa kear op en del en yn ien kear stil

Wy, wy, dat binne wy
de eallju fan 'e grietenij
en dan frett' en sûpe wy ús klem
Wy binn' de eallju fan Nottingham

Dus slaan gjin acht op 'e rommel
Wy binn' heechacht' en nommel
Nommel, nommel, nomm'
Wy binn' heechacht' en nommel
Nommel, nommel, nommel!

By sêne 4

Wikemerck

Froulju:

Nei de merk, nei de merk,
der is gjin aardichheid mear oan
it is sa djoer, 't is net gewoan
it is in krinterich bestean
Mar hawar, je ha gjin kar
dan nei de wikemerck te gean!

Keapman:

Skieppetsiis! Skieppetsiis!
De âlderbeste skieppetsiis!
Rjochtstreeks fan 'e boer!

Froulju:

Hoe djoer? Hoe djoer?
Ien pûn it ûns?? It is in griis
foar sa'n suterich stikje tsiis
Ien pûn it ûns, blikstjinder
it wurdt mei de wike minder!

Keapman:

Augurken! Augurken!
Prachtige augurken!
Augurken yn it soer!

Froulju:

Hoe djoer? Hoe djoer?
Ien pûn de pot?? It is in griis
Wat in belachelike priis
Ien pûn de pot, blikstjinder
it wurdt mei de wike minder!

Keapman:

Barnhout! Barnhout!
Bjusterbaarlik barnhout!
Foar in lekker knappend fjoer!

Froulju:

Hoe djoer? Hoe djoer?
Ien pûn it blok?? Och och och
dan mar kâld de winter troch
Ien pûn it blok, blikstjinder
it wurdt mei de wike minder
It wurdt mei de wike djoerder
en ik hieltyd oerstjoerder
yn dizze tiid fan hongerlean
Mar hawar, je ha gjin kar
Dan nei de wikemerck,
de wikemerck, de wikemerck
te gean!

By sêne 4

Net gûle Marian

Marian:

Geasten fan it wâld,
sis dat it net wier is
De man dêr't ik fan hâld
en dy't altyd sa blier is
sa hurd en o sa kâld ...

Hjir rin ik sûnder doel,
hoe moet ik my ferwarre
tsjin dit freeslike gefoel,
wat sil der mei ús barre
en wat jout it as ik gûl?
Wat jout it as ik gûl?

Doarpslju:

Net gûle Marian, net gûle Marian
Hâld moed, hâld dy goed!
Wy rêde it byneed wol op
sûnder Robin Hood ...

In iiskâlde wyn, wolken foar de sinne
De himel lit syn triennen,
syn triennen oer ús rinne
mar wy hâlde se yn, mar wy hâlde se yn!

Net gûle Marian, net gûle Marian
Hâld moed, hâld dy goed!
Wy rêde it byneed wol op
sûnder Robin Hood ...

~

Doarpslju:

Robin Hood! Robin Hood!
'k Ha altyd sein
dy Robin Hood is lang net goed
It is in tsjinder fan it tsjoed
Robin Hood!
Robin Hood en syn griene binde
smyt se fuortendalik yn 'e bak
Robin Hood! Pak 'm hjoed
en set dy smjunt ris goed te plak!

By sêne 5

Bom

Prins John:

Bom bom bom, dit is in bom
bom bom bom, in moaie bom
bom bom bom, dit liet is stom
mar ik haw in bom en dêr giet it om

Wa't in bom hat is de baas
dy is de baas oer Jan en Pyt en ek oer Klaas
en bist' er net mei iens
dan moatsto it mar sizze
dan sil ik dizze bom
ûnder dyn klapstoel lizze

Bom bom bom, dit is in bom
bom bom bom, in moaie bom
bom bom bom, ik bin prins John
dat rymt op kanon en net op bom

Wa't in bom hat dy wint altyd
dy wint fan Jan en Klaas en ek fan Pyt
Ik bin Prins John
dus wês foarsichtich mei krityk
want dan smyt ik dizze bom yn it publyk

Jim moatte foar my klappe

Minnerick: Totdat de bom valt

Prins John: Dat sille jim wol snappe

Minnerick: Totdat de bom valt

Prins John: Jim moatte Hoera! roppe

Minnerick: Totdat de bom valt

Prins John: Want ik stean oan 'e top

Minnerick: Totdat-ie omvalt

Prins John:

Bom bom bom, dit is in bom
bom bom bom, in moaie bom
bom bom bom, dit liet is stom
mar ik haw in bom en dêr giet it om

Bom bom bom, dit is in bom
bom bom bom, in moaie bom
bom bom bom, dit liet is stom
mar ik haw in bom en dêr giet it om

By sêne 6

It oare ryk

Geasten:

Flinterljocht, sinnedau
de sêfte sliep fan 'e roas
flústerlûd, wetterglim
alles klinkt en rûkt 'er oars

Eagen ticht, tichter noch
stiver ticht, en dan: sjoch!
Blau en goud en sulver tagelyk
sa klinke de kleuren fan it oare ryk
sa klinke de kleuren fan it oare ryk

Dreamelân, moannestof
it glinsterjen fan in trien
each fan 'e dei, o, superplus
frou fan jinge side, ferskyn!

Eagen ticht, tichter noch
stiver ticht, en dan: sjoch!
Goed, strang en binlik tagelyk
kom ta ús fanút it oare ryk
kom ta ús fanút it oare ryk

By sêne 7

Hyp hyp hoera yn de gloaria

Wa is de rêder fan Ingelân?

Binde: Prins John! Prins John!

In moedich en grutmoedich man?

Binde: Prins John! Prins John!

De sinne giet foar him op
en jûns wer foar him ûnder

Binde: 't Is in wûnder, 't is in wûnder,

't is in wûnder, is 't net sa

Allegear: Hyp hyp hoera yn de gloaria!!

Wa is sterker as in bear?

Binde: Prins John! Prins John!

Ik wit eefkes de tekst net mear

Binde: Prins John! Prins John!

Leave Hear

Oh ja, hy is freon fan Us Leave Hear

Binde: Prins John! Prins John!

Richard hie leafde foar syn folk

Prins John dy docht it sûnder

Binde: 't Is in wûnder, 't is in wûnder,

't is in wûnder, is 't net sa

Allegear: Hyp hyp hoera yn de gloaria!!

Binde: Yn de gloaria yn ekselsis deo!

Kyrie leis

Poets dyn tosken trije kear deis

dan lakest in strieljende laits

like strieljend as dy fan

Allegear: Prins John fan Ingelân

Prins John fan Ingelân

By sêne 8

In kroan heart op in kening

Folk:

Hearsto dat lûd? Jawis ik hear it goed
Trommels en trompetten
Kreas en klear fan toan
Wy witte allegear wat dat betsjut:
Dêr komt wat oan!
Wy witte allegear wat dat betsjut:
Dêr kom wat oan!

~

Folk:

Trommels en trompetten
Kreas en klear fan toan
Wy witte allegear wat dat betsjut:
Dêr komt wat oan!

DE KROAN!! DE KROAN!!
DE KROAN!! DE KROAN!!
DE KROAN!! DE KROAN!!
DE KROAN!! DE KROAN!!

Robin en Marian:

En in kroan heart op in kening
Ja, dêr past in kroan goed op
Op 'e eale holle fan in kening
Ynstee fan op in boevokop

Folk:

Richard, kening Richard
De kroan is wer dêr't er heart
Op Richard, kening Richard,
Richard Liuwehert!
Op Richard, kening Richard,
Richard Liuwehert!!

Richard:

In kroan heart op in kening
Dat is moai om nei te sjen
Mar moaier is de leafde
Tusken Robin en Marian
Wat is hjirop jim antwurd?

Robin en Marian:

Ja!

Richard:

Hat elkenien it heard?

Folk:

Hoera foar Robin, Marian en Richard
Liuwehert!
Hoera foar Robin, Marian en Richard
Liuwehert!

In kroan heart op in kening
op de leafde heart in kroan
op it lok en op de frede
en op de dei fan moarn

In kroan heart op in kening
en dat is de moraal
Lit it feest begjinne
Set de kroan, set de kroan,

SET DE KROAN
OP IT FERHAAL!!!